

**SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde**

Rjochte oan DS / lid DS	Klaas Fokkinga
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>RTV Drenthe kaam op 17 septimber mei it berjocht dat de wolf him no definityf festige hat yn Drinte. De wolf is sjoen yn in grut gebiet oan beide kanten fan de A28, en soe ek sa no en dan wolris in dei nei Fryslân en werom rinne kinne.</p> <p>De provinsje Drinte hat al in skoftsje in gebietskommisje om te regeljen hoe't der mei de oanwêzigens fan de wolf, dy't wetlik beskerme is, omgien wurde moat, bygelyks troch beskermjende maatregels foar skiep. Yn de komisje sitte fertsjintwurdigers fan de skieppesektor, lânbou- en natuerorganisaasjes. Boargemaster Harry Oosterman fan Eaststellingwerf is de foarsitter fan de gebietskommisje.</p> <p>By de behanneling fan in moasje oer de wolf yn de Steaten fan 17 juny hat it Kolleezje tasein kontakt te hâlden mei de gebietskommisje yn Drinte om op de hichte te bliuwen fan de ûntwikkelings.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Is it Kolleezje op de hichte fan de definitive festiging fan de wolf yn Drinte?</li><li>2. Yn Provinsjale Steaten fan 17 juny is in moasje oannaam om de wolf út Fryslân wei te hâlden/te behearen en Fryslân as wolvenfrij gebiet oan te wizen. Kin it Kolleezje ús ynformearje oer yn hoefier't it útfieren fan de moasje yn oerienstimming te bringen is mei nasjonale, Europeeske en ynternasjonale regeljouwing?</li><li>3. By de behanneling fan in moasje oer de wolf yn de Steaten fan 17 juny hat it Kolleezje tasein kontakt te hâlden mei de gebietskommisje yn Drinte om op de hichte te bliuwen fan de ûntwikkelings. Is dat al bard? As dat it gefal is, kin it Kolleezje dan oanjaan wat de folgjende stappen binne? As dat net it gefal is, wêrom noch net?</li><li>4. Wolven litte har net troch (provinsje-)grinzen tsjinhâlde. Op hokker wize soe Fryslân him oanslute kinne by de gebietskommisje fan Drinte en/of de kennis yn Drinte brûke kinne om it Fryske fee te beskermjen?</li></ol>
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP                      Wopke Veenstra, Sijbe Knol
Datum	18 septimber 2020